

Oan 't paad komt fuort gjin ein

Titel: Mienskar (e boek). Skriuwer: Abe de Vries. Priis: fergees (frij del te laden), 38 siden.

★★★★☆

Abe de Vries reizget yn *Mienskar*, syn njoggende bondel, yn 36 sonnetten troch it lân dat him frjemd wurden is, mar dochs ek sa fertroud. Yn dat spanningsfjild doopt er syn spotske pinne.


It wurd mienskar betsjut ferstjerre (nei it grutte mienskar reizgje), it grutte tsjerkhôf en de mienskiplike greide. De Vries ljept flitich oer brede fearten hinne of polsket troch âlde, kringeljende slinken. It ferlies (fan syn bernetiid, fan guon kultuerwearden) sipelet yn syn wêzen troch. Sa sketst er 'achterop 'e brommer by mem' yn in pear halen; 'myn lân fan hagelslach en flearbeisjem' en klinkt de geast fan de krityske Romeinske dichter Vergilius troch. De barbaarske fijân

no, is it neoliberale tinken; 'hjiir dan boarrelt bargestront nei boppen,/ set de boer in lânsleas nei-team op 'e klaai.'

Wat dizze poëzy sa fassinearjend makket? Faaks de ynset fan taal, de floeiende oergongen, skeakelingen tusken it ferline en it hjir en no. It ferlies wurdt net goedmakke, de dichter is earder lamslein en inkeld it wurd is syn (mytologysk) wapen. Oan it oer fan de ivige boarne (de see) drinkt er him sêd, al binne de âlde mûntsen; 'besopen folk no, mar fol earbied foar my/om't ik mei myn ûnbedreaune hannen/in dyk nei see dochs lein ha troch de lannen.'

Soms zoomt er sa bot yn dat de lêzer, dy't gjin 'inside information' hat, net bot útnûge wurdt, lykas yn it fers Saailân 2018, dêr't er it hat oer 'de Goede Grutte Oerheids-show'.

Jawis, it lânskip wurdt nei gy-



chem holpen. De romantyk is fuort. De pleats fan Pyt Skiep wie 'in striehûs foar it fjoer'. Mar striidber en tsjin better witten seit er: 'Noait sil 't Walinghúske fergean nei de ferdommenis.' Ik freegje my ôf wêr't dat weikomt, dat fêsthâlden oan eat dat ferdwynt. De Vries hat sels in mytysk antwurd: 'de mem-

meterp ferlear oan in bargesnút./ Oan 't paad komt fuort gjin ein./Wa wol 't net ôflizze?/Wa hat it oait lein?'

De nammen dy't De Vries brûkt ferwize gauris nei it plak, sels yn 'e titels fan 'e fersen; lykas Hegebuorren 8 en Aldsyl. Op it Bildt, dêr't De Vries wennet, lit er de rivier fan de ûnderwrâld streamme (Kokytos) en siket er eigensinnich tagong ta dy wrâld. It lân 'ferklinkt al as in rochel sûnder brekking.'

De fersen binne sa ritmysk en 'yn 'e flow' skreaun dat se likegoed út 'e mûle fan in rapper komme kinne: 'Hearst hoe stil it is. Hoe't elkien swijt,/ fan 'e polityk ûnt-slein, fan 'e poëzij befrijd.'

ELMAR KUIPER